

# PARSEBERJOCHT

3 febrewaris 2017

## ‘De Stim fan’, de ferkiezings by Omrop Fryslân

Hiel Nederlân mei op 15 maart wer nei de stimbus. Yn de oanrin nei de ferkiezings komt Omrop Fryslân mei de ferkiezingsrige ‘De Stim fan’, it ‘Noordelijk Lijsttrekkersdebat’ en spesjale útstjoeringen fan ‘Buro de Vries’.

### De Stim fan

Elkenien in Fryslân hat in stim by de Twadde Keamerferkiezings en fan 8 febrewaris ôf binne dy stimmen te hearren op Omrop Fryslân yn de spesjale ferkiezingsrige ‘De Stim fan’. Omrop Fryslân wol witte wat der ûnder de Friezen libbet en ferslachjouwers sille op ‘en paad om de mieningen te peilen. Wat fine sy fan wat der allegearre bart yn Nederlân?

Fan 8 febrewaris ôf op de radio yn it programma ‘Fryslân fan ‘e moarn’, op telefyzje yn Fryslân Hjoed en op [Omropfryslan.nl/ferkiezings](http://Omropfryslan.nl/ferkiezings).

### Noordelijk Lijsttrekkersdebat

Omrop Fryslân iepenet, yn gearwurking mei RTV Noord, RTV Drenthe en it ‘Samenwerkingsverband Noord-Nederland’, de ferkiezingsperioade op woansdei 8 febrewaris mei it ‘Noordelijk Lijsttrekkersdebat’. Hast alle grutte lanlike partijen dogge mei oan it debat. De presintaasje fan it debat leit yn hannen fan Ferry Mingelen, Remy van Mannekes (RTV Noord) en Eric Ennema (Omrop Fryslân).

It ‘Noordelijke Lijsttrekkersdebat’ is op woansdei 8 febrewaris fan 14.30 oere ôf te sjen op telefyzje. It debat wurdt werhelle op deselde dei om 18.40, 20.40 en 22.40 oere.

### Buro de Vries

Snein 12 maart hâldt Buro de Vries fan 11.00 oant 13.00 oere in ferkiezingsdebat mei Fryske kandidaat-Keamerleden. It programma is dan ek live te folgjen by Omrop Fryslân op telefyzje. De presintaasje is yn hannen fan Simone Scheffer en René Koster. Under oaren Jacques Monasch (Nieuwe Wegen), Jan Dijkgraaf (GeenPeil), Harry van der Molen (CDA) en Max Aardema (PVV) sille mei-inoar yn debat gean. Van 19 febrewaris ôf is alle sneinen fan 11.00 oant 13.00 oere yn it programma ‘De Stimwizer’ te hearren, wêryn’t mei bekende Friezen stimwizers ynfolle wurde. Dat wurdt dien mei ûnder oaren: skûtsjeskipper Douwe Visser, sjongeres Griet Wiersma en ûndernimmer Jaap Kingma.

Njonken de spesjale ferkiezingsprogramma’s besteget Omrop Fryslân yn It Polytburo en de ferskate aktualiteitenprogramma’s op radio en telefyzje wiidweidich omtinken oan de ferkiezings. Op de ferkiezingsdei sels, woansdei 15 maart, docht Omrop Fryslân nei it sluten fan de stimbussen, live ferslach op [Omropfryslan.nl](http://Omropfryslan.nl). Op tongersdei 16 maart binne alle útslaggen en analyzen te hearren yn de aktualiteitenprogramma’s op ‘e radio en yn Fryslân Hjoed op telefyzje.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunkaasje: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

3 februari 2017

## ‘De Stim fan’, de verkiezingen bij Omrop Fryslân

**Heel Nederland mag op 15 maart weer naar de stembus. In de aanloop naar de verkiezingen komt Omrop Fryslân met de verkiezingsserie ‘De Stim fan’, het Noordelijk Lijsttrekkersdebat en speciale uitzendingen van ‘Buro de Vries’.**

### De Stim fan

Iedereen in Fryslân heeft een stem bij de Tweede Kamerverkiezingen en vanaf 8 februari zijn deze stemmen te horen op Omrop Fryslân in de speciale verkiezingsserie ‘De Stim fan’. Omrop Fryslân wil weten wat er onder de Friezen leeft en verslaggevers gaan op pad om de meningen te peilen. Wat vinden zij van wat er allemaal gebeurt in Nederland?

Vanaf 8 februari op de radio in het programma ‘Fryslân fan ‘e moarn’, op televisie in Fryslân Hjoed en op [Omropfryslan.nl/ferkiezings](http://Omropfryslan.nl/ferkiezings).

### Noordelijk Lijsttrekkersdebat

Omrop Fryslân opent, in samenwerking met RTV Noord, RTV Drenthe en het ‘Samenwerkingsverband Noord-Nederland’, de verkiezingsperiode op woensdag 8 februari met het Noordelijk Lijsttrekkersdebat. Bijna alle grote landelijke partijen doen mee aan het debat. De presentatie van het debat ligt in handen van Ferry Mingelen, Remy van Mannekes (RTV Noord) en Eric Ennema (Omrop Fryslân).

Het Noordelijke Lijsttrekkersdebat is op woensdag 8 februari vanaf 14.30 uur te zien op televisie. Het debat wordt herhaald op dezelfde dag om 18.40, 20.40 en 22.40 uur.

### Buro de Vries

Zondag 12 maart houdt Buro de Vries van 11.00 tot 13.00 uur een verkiezingsdebat met Friese kandidaat-Kamerleden. Het programma is dan ook live te volgen bij Omrop Fryslân op televisie. De presentatie is in handen van Simone Scheffer en René Koster. Onder anderen Jacques Monasch (Nieuwe Wegen), Jan Dijkgraaf (GeenPeil), Harry van der Molen (CDA) en Max Aardema (PVV) gaan met elkaar in debat. Vanaf 19 februari elke zondag van 11.00 tot 13.00 uur in het programma ‘De Stimwizer’ te horen, waarin met bekende Friezen stemwijzers worden ingevuld. Dat wordt gedaan met onder anderen: skûtsjeschipper Douwe Visser, zangeres Griet Wiersma en ondernemer Jaap Kingma.

Naast deze speciale verkiezingsprogramma’s besteedt Omrop Fryslân in It Polytburo en de diverse actualiteitenprogramma’s op radio en tv uitgebreid aandacht aan de verkiezingen. Op de verkiezingsdag zelf, woensdag 15 maart, doet Omrop Fryslân na het sluiten van de stembussen, live verslag op [Omropfryslan.nl](http://Omropfryslan.nl). Op donderdag 16 maart zijn alle uitslagen en analyses te horen in de actualiteitenprogramma’s op de radio en in Fryslân Hjoed op televisie.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie: 058 299 7876.